

SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde

Rjochte oan DS / lid DS	Sander De Rouwe
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>De Europeeske Kommisje (EK) is mei in 'open call'¹ dwaande om yn Nederlân nije ynformaasjesintra oer Europa te iepenjen. Oant no ta wienen der mar in lyts tal (5) fan sokke sintra ûnder de namme 'Europe direct'. It hat ús bliken dien dat de EK no in bettere sprieding hawwe wol fan sokke 'Europe Direct-fêstigings oer Nederlân hinne, en it stribjen is leafst yn alle 12 provinsjes.</p> <p>De Europe Direct fêstigings fungearje as ynformaasje- en fraachbaak foar ynwenners, bedriuwen, ûnderwiisinstellings en oare organisaasjes. Mei it each op de ambysjes fan Fryslân mei Europa om € 130 miljoen subsidyzje yn te heljen út Brussel foar projekten en inisjativen hjirre, liket it de FNP ta dat der ek yn Fryslân sa'n fêstiging komme moatte soe. Dat kin boppedat in fersterking wêze fan it 'Europe ready' netwurk Fryslân dat al warber is. Yn it ferline hat yn it eardere beursgebou ek in Europe direct-fêstiging west, mar op in bepaald stuit is it konsintrearre yn Grins.</p> <p>Ut streekrjochte kontakten mei de Europeeske kommisje is ús ek dúdlik wurden dat der ek budzjet is foar in grutter tal kwalitatyf goede fêstigings. De 5 rinnende kontrakten rinne ôf en gadingmakkers moatte op – tige – koarte termyn reagearje. It hawwen en beminskjen fan sa'n sintrum kin Europa en regio tichterby inoar bringe en makket de kâns om subsidyzjes binnen te heljen yn de regel net lytser. Ekstra argumint liket ús no de koroana-tiid, dêr't it lestiger wurden is om yn Brussel te kommen.</p> <p>Boppesteande is reden foar in tal fragen oan it Kolleezje:</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none">1. Is it Kolleezje op de hichte mei de 'open call' fan de Europeeske kommisje foar nije ynformaasjesintra (ûnder de namme Europe direct)?2. Sa ja, binne jim it mei ús iens dat Fryslân dizze kâns net slûpe litte moat, yn ferbân mei ús ambysjes op it mêd fan subsidyzje, mear ynternasjonale kontakten tusken regio en Europa en it stimulearjen fan goede projekten yn Fryslân?3. Is it Kolleezje fan DS ree om in oanfraach yn te tsjinjen foar in Europe Direct-ynformaasjesintrum yn Fryslân, of faaks in oare organisaasje skewiele om dat te dwaan? Of hawwe jim dat al dien. mei mei it each op de deadline fan 22 oktober (sjoch de link).4. Sa nee, wêrom net?
Yntsjinner(s)	FNP, S. Posthumus
Datum	12 oktober 2020

¹ https://ec.europa.eu/netherlands/news/commissie-publiceert-oproep-tot-het-indienen-van-voorstellen-nieuwe-edics_nl